

DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baarn

ôfstj.
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

Gearstalling Bestjoer

Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

- foarsitter** : J. Kooistra 035-6218626
+ ledeadm. Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum
e-mail: gurbe@xmsnet.nl
- skriuwer** : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
e-mail: kritehilversum@gmail.com
- ponghâlder** : J. Koopmans 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**
- alg. adjunkt** : W. Triemstra 035-6833889
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 102, 1223 CZ Hilversum
e-mail: triwa@hotmail.nl
--
- boekeferkeap** : J. Conradie-Groenhof 035-6234733
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum
- iterij** : Bestellingen trochjaan oan:
Jan Kooistra, tel. 035-6218626
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)
--
- Eareleden:**
earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk
earelid: H. van Duinen, De Jouwer

Fan de foarsitter

De kop is der ôf! Us earste kritejûn fan dit winterskoft is alwer efter de rêch. Op 18 oktober binne wy hiel wat te witten kommen oer skûtsjeskippers, skûtsjes, harren fracht en bemanning. Age Veldboom wist it allegearre byldzjend te fertellen en sa no en dan ek te besjongen. As yntrodusee fan Age wie Sicko Heldoorn (boargemaster fan Huizen) oanwêzich. Neist boargemaster is hy û.o. ek noch foarsitter yn it bestjoer fan de IFKS (Iepen Fryske Kampioenskippen Skûtsjesilen). As syn wurk as waarnimmend boargemaster der earstdeis op sit en hy bliuwt hjir yn 'e omkriten te wenjen, hawwe wy der miskien wer ien of twa leden by. Trouwens ek al soe men yn Fryslân wenje, dan noch kin men lid fan ús krite wêze of wurde. Sa fier riden is it net mear om dan ris op in kritejûn te kommen. Ek net as de maksimum snelheid ferlege wurde soe nei 100 km/oere, want dêr is wakker sprake fan. In dat gefal soe ik mei in ritsje nei Snits (bgl. foar it opheljen fan de iterij) in kertier langer ûnderweis wêze. No, sa gau binne de farske oranjekoeken en sûkerbôlen fan De Haan net te âld om noch lekker te smeitsjen. Dus is de hiele diskusje oer in maksimum snelheid net oan my bestege. It wurdt fansels oars as ik de iterij foar in kritejûn op 'e fyts út Snits helje moat. Yn dat gefal ha wy it der dan noch wol even oer.


Fansels seit sa'n maksimum snelheid hielendal neat as jo op 'e fjouwerbaans dyk efter hûnderten trekkers oan ride. Dan helje jo de 15 km/oere net iens en wurdt de oranjekoek der ûnderweis nei De Haach net lekkerder op. Doch hat it foarearst foar de Fryske boeren wol wat fertuten dien. De boeren yn oare provinsjes wiene der suver jaloersk op en binne mei harren trekkers ûnderweis west nei it eigen provinsjehûs en ynienen wie Noard-Hollân omdoopt ta West-Friesland en rieden se mei in Fryske flagge op 'e trekker nei Haarlim. It hat leau 'k net in protte holpen. Der hat noch wol ien oppere om mei Fryske hynders foar de trekkers nei Haarlim te tûgjen, mar dêr ha se mar fan ôfsjoen. Einliks wisten se wol dat se oan 'e ferliezende hân wiene yn fergeliking mei de aksjes fan de Fryske boeren. Wiene se ommers ek yn 1345 net werom de Sudersee yn treaun? No dan, sa! Einliks moatte wy harren derfoar noch ús ekskuzen oanbiede. Soks heart sa hjoed-de-dei fynt men. Mar dan wolle wy ek noch wol wat ekskuzen ha: fan bygelyks de Vikingen, dy't by ús ôfgrysluk húsholden ha en fan Swarte Pyt om't er ús eartiids o sa bang makke hat. Ik biedt jimme fêst myn ekskuzen oan om't ik sa oantrúnje om nei ús jûn op **30 novimber** te kommen! Let wurdt it net. It is in koart, mar hiel moai stik!

Jan Kooistra

Nijs fan de boeketafel

Bêste minsken,

Dizze kear haw ik it boek: *Yn reek ferflein*, meinommen om te lêzen. It is skreaun troch Joop Boomsma. It is in misdied roman. Sels lêse ik meastal gjin boeken fan dit sjenre, mar dit boek leit al hiel wat jierren op de tafel. It is al útkommen yn 1998. Sadwaande tocht ik, lit mei dit no mar es lêze.



It boek giet oer de sjoernalist Hylke Overwijk dy't fersteurd sjocht as der op in moarntiid ynienen in jonge frou, in fanke eins noch, mei gâns bombaarje syn gloednige ûnderkommen yn komt. Se fertelt dat se tsjûge wie fan in moard op Fatimah, har Somaliese freondinne út it asylsikerssintrum fan Ljouwert. Op slach hat se alle oandacht fan de misdiedjournalist, dy't in ferhaal rûkt. Geandewei rint Hylke tsjin nuveraardige saken oan dy't sa op it each neat mei inoar te krijen ha. As syn eks-frou Anneke him ek noch freget om út te sykjen wêr't har tsjintwurdige man bedarre is, hat er de hannen mear as fol. Soks yn tsjinstelling ta de plysje dy't hielendal net ynteressearre liket yn de ferdwining fan Fatimah en de man fan Anneke.

Yn reek ferflein, hie my fuort te pakken. Je wolle witte hoe't it ôfrint.

Noch it ien en oar oer de skriuwer:

Joop Boomsma is berne yn Rottevalle 1945 en ferstoarn yn Ljouwert 2018. Syn berop wie ûnderwizer, dichter, skriuwer en toanielskriuwer. Hy is foaral bekend om syn misdiedromans.



Oant sjen by de boeketafel,
Jellie Conradie.

Provinsjale en gemeentlike stipe foar nominaasje wrâlderfoed Planetarium

Mei it beskikber stellen fan € 50.000 hat de gemeenteried fan Waadhoeke krektlyn symboalysk it startskot jûn foar de foardracht fan it Keninklik Eise Eisinga Planetarium as Unesco wrâlderfoed. De provinsje Fryslân stelde earder ferline wike ek € 50.000 beskikber. Mei itselde bedrach fan de Rykstsjust foar Kultureel Erfgoed binne de kosten foar it nominaasjedossier no dutsen en kin de foardracht definityf trochgean.

Begjin 2022 wol Nederlân it Planetarium foardrage foar it predikaat. Oft it Planetarium wrâlderfoed wurdt, moat blike yn 2023. Dan beslút it Unesco Wrâlderfoedkomitee oer de Nederlânske foardracht. Fryslân hat op it stuit twa wrâlderfoedplakken: de Waadsee en it Woudagemaal. Mei it Planetarium op de wrâlderfoedlist hat Fryslân dan trije, en dêrmei in unike posysje yn Nederlân.



Foto: Wikipedia/Niels Elgaard Larsen

De foardracht bart troch it yntsjinjen fan in nominaasjedossier. It dossier moat dúdlik meitsje hoe unyk oft it Planetarium is, mar ek hoe't it sit mei it behear en ûnderhâld, berikberens, edukaasje, draachflak ensfh. Om ta in folslein dossier te kommen is der noch it nedige te dwaan, lykas oanfoljend (ynternasjonaal) ûndersyk, oerlis, oersetwurk en foarmjouwing. De ferwachte kosten dêrfan binne € 150.000.

It Planetarium hat de Rykstsjust foar Kultureel Erfgoed (RCE), de provinsje Fryslân en de gemeente Waadhoeke frege om dêr yn by te dragen. De RCE hat dêr yn augustus mei ynstimd. Ofrûne wike hawwe sawol de provinsje Fryslân as de gemeente Waadhoeke in bydrage fan € 50.000 tasein oan it Planetarium. De provinsjale en gemeentlike stipe betsjut dat it Planetarium no foldwaande finansjele mooglikheden hat om it nominaasjedossier ôf te meitsjen.

Boarne:  It Nijs



FRYSK
SELSKIP
frysk
en
rij
HILVERSUM

it bestjoer
noeget jimme út op

Sneon, 30 novimber 2019

yn de grutte seal
fan

“Nieuw Kerkelanden”

Franciscusweg 137
1216 SB Hilversum



BEGJIN 20:00 OERE

TEATERGROEP FJOER spilet dan foar ús

Hjerst

(Hjerst yn Skoorl)

Skreaun troch Bert Bunschoten en Wigbolt Kruyver

Fryske oersetting: Baukje Stavinga

Rezjy: Afke Toren

Spilers: Baukje Stavinga en Jelle Terwal

Elk jier bringe Herman en Paulien van Beem yn de hjerst in pear dagen troch yn it ienfâldige simmerhúskefan syn broer.

It jierlikse útstapke is in fêst beaken yn harren oardere bestean. Yn wat nei alle gedachtenharren lêste hjerst yn it simmerhúske wurdt, (mynhear van Beem wurdt nei syn pensioen pleage troch stimmingswikselingen en betizing), sjocht it pear werom op in lang net altyd even maklik ferrûn houlik.

De tiid dat se inoar definityf loslitte moatte, komt yn sicht. Mar hoe dogge je dat nei hast fyftich jier tegearre?

Fansels steane ús diskjes mei Fryske boeken en iterij dizze jûn ek wer klear.

Wolle jo wis wêze dat der noch iterij foar jo te keap is, skilje dan even nei nûmer 035-6218626

Tagongspriis: Leden € 10,00
Net-leden € 15,00

Us oare kritejûnen yn it winterskoft 2019-2020

Freed 10 jannewaris 2020

Algemiene ledegearkomst mei foarôfgeand nijjierjen en in miel stampot

Sneon 15 of 22 febrewaris 2020

Toaniel of kabaret

(?) Freed 27 maart 2020 (?)

Grytsje Kingma

--

Fierders is elkenien ek tige wolkom

~ op **sneon 16 novimber** by de 'Moetings- en Ynspiraasjemiddei' yn Hurderwyk. Jûns tred dêr it toanielselskip út Jobbegea op mei it stik '*It deiboek fan Tinus Teckel*'. Neiere ynformaasje is te finen yn dizze Tille op side 8 of fia telefoannûmer 0341 - 559343

~ op **sneon 23 novimber** by 'De Sékrite' yn Theater Posa te Lelystêd. Kritejûn mei it kabaretselskip 'Noordenbos & Ko' út Ferwert mei '*Ferbining*'. Neiere ynformaasje fia telefoannûmer 0320-412444

~ op **sneontemiddei 14 desimber** by de krite 'Mei Inoar Ien' út Utert-Seist yn Bijnkershoeke te Utert op harren krystmiddei (mei muzyk). Neiere ynformaasje fia telefoannûmer 030-2318224.

Foarsafier't soks noch net bard is,
soe it ús tige goed dwaan as jimme de **ynlage** (kontribúsje) foar it
rinnende **winterskoft oermeitsje wolle op**

Rekken nûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**

o.n.f. Frysk en Frij Hilversum

De kosten binne: € 15,00 de man/frou
€ 30,00 foar in troud pear of in stel

mear mei fansels ek....☺

Moetings- en Ynspiraasjemiddei

Sneon 16 novimber 2019

Yn it Multifunksjonele Sintrum "de Kiekmure"

Tesselschadelaan 1

Hurderwyk

Ynrin fan 12.30 oere ôf

De ynhâld:

1. "Op nei 2023 – en dêrnei: de 100 jier foarbij !"

Klaas Sietse Spoelstra wol mei ús mei-tinke oer hoe't wy as FBoU nije oanwaaks fine kinne – entûsjast meitsje/wurde fan lju, dy't fryske woartels en noch altyd in frysk hert hawwe. Spoelstra hat tasein dizze middei syn meiwurking te jaan ûnder betingst dat de dielnimmers elk in net-lid meinimme!

Oprop: elk dy't nei de M- en Y-middei komt, nimt sa'n Fries om Utens dy't noch gjin lid is fan in Krite mei nei dizze middei – leafst jonger as 50 jier! – mear fan sokke Friezen om Utens binne fansels tige wolkom!

2. LF2018 en fierder.....

Lieuwe Krol, haad Marketing en Kommúnikaasje foar LF2018 en kertiermakker foar de Legacy LF2028, sil in ynlieding hâlde oer LF2018/2028. Wat wiene de plannen eartiids, hoe binne de plannen útpakt, wat is der fan leard en wat giet de takomst bringen (2028) op it mêd fan de kultuer, kosten, planning en opbringsten.

Om 17.00 oere slute wy ôf.

De jûns binne jimme fan 19.00 oere ôf wolkom by de krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk – ek yn de Kiekmure.

It toanielselskip "Fleurich fierder" fan Jobbegea bringt it stik '*It deiboek fan Tinus Teckdel*'.

Ut namme fan it bestjoer fan it Frysk Boun om Utens

Kees van der Beek, skriuwer

tel. 0341 - 559343

Yn 2023 bestiet it Frysk Boun om Utens 100 jier

In tariedingskommisje, besteande út *Teatske Haanstra-Bosma* fan Assen, *Jolanda Lootens-Berg* fan Swol, *Hans Groenhof* fan Assen, *Jan Bosgraaf* fan Swol, *Jan Bijkerk* fan Lelystêd en *Kees van der Beek* fan Hurderwyk, hawwe begjin novimber in earste gearkomste hân om ris te besjen hoe't it FBoU foarm jaan kin oan dit Jubileum.

In datum is al fêstlein: **sneon 16 septimber 2023**

Wêrom no al sa'n drokte meitsje oer wat noch sa fier fuort leit.....

De kommisje is fan betinken, dat de tiid jin faaks tusken de fingers troch glûpt; minsken/organisaasjes dy't wat betsjutte kinne, moatte jo op 'e tiid witte litte wat jo wolle.

No wol de kommisje net allinne betinke wat en hoe wy dy 100 jier fiere sille. Dêrom dogge wy in berop op **alle Friezen om utens** om mei te tinken oer wat en hoe wy as FBoU hjir in grut feest fan meitsje kinne. Hawwe jimme ideeën of suggestjes, of tinke jo in eigen bydrage, yn hokker foarm dan ek, leverje te kinnen - jou it troch oan de skriuwer fan it FBoU:

skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr

alles is wolkom!

Ein jannewaris 2020 komt de kommisje wer byinoar. Sy sette dan op in rige wat der troch jimme oanrikt wurdt – stjoer dêrom alles foar 1 jannewaris 2020 op nei boppesteand e-postadres.

Yn 't foar tige tank foar jim meitinken - jim wurde op 'e hichte holden!

Ut namme fan de kommisje freonlike groetnis,

Kees van der Beek

Beemdweg 29

3852 XC ERMELO

tel. 0341 - 559343

mob. 06 - 39877465

e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr

www.fryskbutenfryslan.fr

Beppe Styntsje

Beppe Styn rûn foar in bakker
Mei in swiere bôlekoer.
Hoe't it koe, mar de earme stakker
Hâlde wyks ek noch wat oer.

Buorfrou wist it doel fan 't sparjen:
Hja woe graach in nij waarm jak.
Elke soer fertsjinne botsen
Joech se yn in baarch plak.

Mar har lytse beppesizzer
Stie ris skriemend op it iis:
'Harmen hat gjin redens , beppe!'
't Ald mins rekke fan 'e wiis.

De oare deis koe Harmen ride,
Bliid op nije redens gear.
Glimkjend bleau doe âlde beppe
Mei de koer by de iisbaan stean.

Buorfrou frege nei it jakje.
'Och, sei beppe, dat giet oer.
'k Ha der hjir en dêr op út west,
Mar de priis wie my te djoer.'

Wibren Altena

De Makkumer dichter en foardrachtskeunstner *Wibren Altena* (1917- 1987) publisearre al foar de oarloch syn earste gefoelige en filosofyske fersen. Tsjien jier letter luts er yn Fryslân folle sealen mei syn mear dan aparte satiryske en humoristyske foardrachten, dêr't de *Ballade fan Longerhou* hast wol de bekendste fan is. Yn 1956 ferhuze er nei Rotterdam en hy die de doar nei syn eardere bestean achter him ticht. Trije jier nei syn dea waard syn wurk bondele yn *De laitsjende wierheid*.

Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729
e-mail: c.punter@wxs.nl

skriuwer : Hendrik Visbeek
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541
e-mail: h.t.visbeek@kpnmail.nl
websiteside: www.melleveenstra.nl

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

"It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
websiteside: www.fryskbutenfryslan.frl

"Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"

skriuwer : Geeske J. Frieswijk, (e-mail: selskip1844@gmail.com)
korrespondinsje adres :
Tineke van der Woude, Moezel 222, 9204 EM Drachten

OANMELDE BY IT BOUN

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit fiere te kinnen, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om Utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage. Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it Frysk Boun om Utens. It is fergees. As jo dat wolle, moatte jo jo namme, jo e-mail adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it Frysk Boun om Utens:
www.fryskbutenfryslan.frl

Special adres voor: Gerilde Omjiekoken

DE HAAN'S BAKKERIJ

De vestige Bakkerij
in Sneek en
Zij dichts bij

HOOGENDE 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

FRYSK EN FRYSK
YN 'E PROVINSJE
EN EINS
TROCH IT HELE LAN
JO BINNE TE PLAK BÛ

DE HAAN'S BAKKERIJ
YN SNEEK
HEEGHEEN IS
FUORT BY DE
WETTERPOARTE